



IN RITS TE FIER

(EEN RITS TE VER)

In komeedzje

fan

JON VAN EERD

Fryske oersetting

Baukje Stavinga

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **IN RITS TE FIER – EEN RITS TE VER** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JON VAN EERD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSONAAZJES: (yn folchoarder fan opkomst)

Lies Vermeulen

Lang Leng Hop

Harrie Vermeulen

Maya Hak

Norbert Leis

Jasper Leis

Karin van Kralingen

Omskriuwing fan de personaazjes:

Harrie Vermeulen

Eigner fan kamping 'De Wielewaal'. Harrie is opljeppend en ympulsyf, in bytsje hystearysk, nochal hektysk en soms sels gemien. Hy hâldt in protte fan syn dochter én fan syn kamping. Harrie is it type minske dat himsels troch eigenwizens en troch net neitinken djip yn' e nêsten wurkje kin. Hy is altyd hyper en fol enerzjy. Hy hat eins in hert fan goud, mar troch syn temperamint is dat faak net te sjen.

Lies Vermeulen

Dochter fan Harrie. Helpt har heit altyd yn it drokke simmerseizoen op' e kamping. Se is smoar fereale op Jasper, dy't lykas sysels yn de stêd studearret. Se wolle graach trouwe en eins mei harren stúdzje ophâlde. Se witte dat soks net yn goeie ierde falle sil by Harrie, dus is foarsichtichheid belangryk. Lies is leaf, mar seker gjin tutsje. Se hat de eigensinnigens fan har heit. Se hat de saken altyd ûnder kontrôle en wol de misstappen fan har heit altyd korrizjearje.

Lang Leng Hop

Lang is it echte manusje fan alles op' e kamping. Se wurket al sûnt ûnbestimde tiid foar de famylje Vermeulen en is allinne mar fan goede wil. Se docht har bêst om de Nederlânske taal ûnder de

knibbel te krijen, mar se liket net yntelligint genôch om hjir bedreaun yn te wurden. Likemin sil se begripe wat der om har hinne gebeurt. Se rint altyd efter de feiten oan. Se is bliid as Lies yn' e buert is. Dan fielt se har wat beskerme tsjin de boaze blikken en de bestraffende klappen fan Harrie. Mar ek Lang nimt in grut geheim en in ferburgen opdracht mei har mei.

Jasper Leis

Is mei tsjinsin oan it studearjen slein om mar bûten berik fan syn mem te wêzen. Hy is aventoerlik, mar is maklik te beynfloedzjen. Hy sil alles dwaan om mar by Lies te wêzen en sil har koste wat it kost mei rie mar foaral mei died bystean. Hy is soms wat sullich en sit aardich ûnder de plak by Lies. Soms wurdt er ynienen moedich en besiket er syn hert te folgjen! Syn wurden en dieden binne altyd oprjocht, mar syn leafde foar Lies driget fan him in oerdwealske jonge te meitsjen.

Karin van Kralingen

Is 'ynspekteur fan hygiëne en moraal' fan it doarp. Se is spikerhurd, mar rjochtfearlich, behoarlik ambisjeus en net op har bekje fallen. Se hat harsels ta doel steld om wat sjiker te wurden. Har libben mei har eks man Norbert wie te saai foar har en se is der fan oertsjûge dat der gruttere dingen foar har weilein binne. Troch bot strang te wêzen tsjin har soan Jasper, probearret se him allinne mar te beskermjen tsjin in nutteleas bestean. Uteinlik is ek Karin in rjochtfearlike frou.

Maya Hak

Is fan it type 'té goud – té brún – té âld. Protte jild, net folle styl. Se is fan doel mei in protte poeha in golfterrein op te rjochtsjen op it plak fan de kamping. Se is gemien, bot en liep. In yntrigante fan it earste oere. Se sil alles op alles sette om har doel te berikken. Se soarget der foar dat de wc's fan de kamping smoarch binne, dat de tinten net stean bliuwe ensafuorthinne. Mar sinnebanken binne gjin winners, dus Maya lûkt úteinlik oan it koartste ein.

Norbert Leis

Eks fan Karin, heit fan Jasper. Norbert is ornitolooch en bloedfanatyk. Hy is fan it type 'libje foar dyn fak'. Hy is gek op fûgels en hy kin dan ek bot oer ien hinne walse as it syn wurk yn' t paad stiet. Hy is spesjaal nei dizze kamping kommen omdat yn dit gebiet noch de heechste konsintraasje simmertortels sit. Dizze fûgel

wurdt bedrige mei útstjerren en dus moat de kamping bliuwe. Mar fierder is Norbert allinne mar in ôfgryslke sûch. In sûch dy' t jo fan alles wiis meitsje kinne.

IT BYLD:

Links en rjochts fan it taskôgers eachpunt út

Kamping 'De Wielewaal'. De hoarizon is blau mei hjir en der wat beammen. Yn de fierte in marke. Rjochts foar op it toaniel stiet de resepsje: in leech húske mei in skean ôfrinnend dak wêr't de iene kant rjochting publyk en de oare kant tinkbyldich nei efteren ôfrint. Der sit in doar en in rût yn. Oan de muorre hingje skema's, 'pigeon holes' en in lûdsprekker systeem. Foar it húske (en dus de doar) stiet de baalje dy't ek as bar tsjinst docht. Op de baalje stiet in telefoan, in mikrofoan en in faaske mei blommen. Der leit oar guod lykas in reservearringsboek (deselde opfallende kleur as it boek fan Karin van Kralingen), folderkes en displays foar tochten yn de omjouwing. Foar it húske steane twa terrastaffeltsjes mei stuollen. Yn de buert fan it húske hinget in grutte lûdssprekker los te bongeljen.

Links foar op it toaniel stiet in miny karavan. Wêrby it belangryk is dat der in doarke en in rût yn sitte dy't beide iepen kinne. It doarke moat nei rjochts nei bûten iepen draaie. Dus de karavan stiet nei alle gedachten mei de foarkant yn de rjochting fan de kûlizen pleatst. Oan de binnekant fan it doarke hinget in blauwe skelk. Op de punt fan de trijehoek húske – karavan steane twa tintsjes njonken elkoar.



AKTE 1

(Lies en Lang binne drok dwaande mei in dweil en in mop om it terras foar de bar fan de kamping skjin te meitsjen. Der stiet in grutte steapel lege kartonnen doazen. De telefoan giet. Lies sjocht nei Lang dy't neat heard sa't it liket. Lies suchtet en rint om de baalje hinne nei de telefoan. Lang giet fanatyk troch mei skjinmeitsjen. Se hat in blêd by har en rommet it taffeltsje fan it terras ôf en poetst it taffelsblêd)

Lies: *(tsjin Lang)* It wurdt tiid datsto dy ynboargeringskursus folgest Lang! *(se nimt de telefoan op)* Kamping de Wielewaal, goemoarn...Hallo? Hallo? *(it is dúdlik dat se neat heart en se leit mei in grutte sucht de telefoan wer del. Se rint werom nei de foarkant fan de baalje en ropt nei Lang dy't yn de tuskentiid mei in leech blêd om rint)* Lang? Laahaang? Witsto wêr't ús heit omhinget? *(Lang knikt ja, mar begrypt it net)* Heit? *(Lang begjint te laitsjen, skoddet ja, mar hat gjin idee)* Ik ha him de hele moarn al net sjoen en de telefoan docht raar! *(Lang sjocht har net begripend oan)* Raar! De telefoan! Hy docht raar! *(suchtet djip, dan mei klam)* Laal!

Lang: *(liket it te begripen)* Ah! Laal!

Lies: Ja, laal! Heel laal! Lang, hâld ús heit wat yn' e gaten hjoed. Hy is nochal senuweftich en do witst hoe ûnreedlik as er dan wêze kin *(de telefoan giet, Lies suchtet wer en rint wer om de baalje hinne nei de telefoan)* Kamping de Wielewaal, goemoarn. Hallo? Hallo? Is dêr ien? hallo? *(se leit wer del en rint nei Lang)* Lang, soargje asjebleaft datst sa fluch mooglik it terras sa skjin as de brân hast, want wy ha net folle tiid mear. Hjoed of moarn stiet dy ynspekteur hjir op' e stoepe.

Lang: *(snapt it net)* Eeeh...

Lies: De ynspekteur! Hy komt de kamping kontrolearjen. Hè Lang! Hoe faak ha wy dat no al net sein? As wy net útsjogge, rekket ús heit de kamping kwyd! Dat soe er net oerlibje! Ast ús heit sjochst, sis dan dat de telefoan raar docht *(Lies rint ôf)*

Lang: *(wylst se mei in blêd it taffeltsje oan it skjinmeitsjen is, oefent se op in sintsjie)* De...tilfoan docht...laal! Tilfoan...tilfoan..docht laal! Docht laal! *(fierderop de stim fan Harrie. Hy is yn de karavan)*

Harrie: Lies! Lies! Is it terras klear? *(dan ferskynt Harrie mei in arkbak yn' e hannen)*

Lang: *(mei de earmen iepen)* Heit!

Harrie: (*sjocht wat dom*) Ja, dat sil wol. Lang, hast Lies sjoen? (*Lang glimket wat ûnwis. Harrie suchtet*) Lies! Myn dochter! (*slacht wakker mei de hannen*) Liesje!

Lang: (*begrypt it no en laket*) Aaah! Liesjah!

Harrie: Ja, Liesjah! Wêr is se?

Lang: (*glimket breed*) Jaaaaa...

Harrie: Jaaaaaaaaaaa...Dêr ha wy wat oan. Wa wie der oan de telefoon?

Lang: Jaaaaa...

Harrie: Jaaaaaaaaaaaa.. (*praat stadich*) Te-le-foan...gie...oer...ring...ring..ling...ling (*wiist op himsels*) Liesjah rint....rint...rint... (*rint nei de telefoon*) Harro?

Lang: Aaaaah! (*docht bot har bêst*) ...tilfoan...docht laal!

Harrie: (*nimt har by de earm*) Lang, harkje goed! Dit is heel belangryk. Hjir ha wy gjin tiid foar (*leit sa dúdlik mooglik oan har út*) Wy ha noch mar in pear dagen om de boel op oarder te bringen. Oars reitsje ik de kamping kwyd en do dyn baan. It komt allegearre goed, mar wy moatte noch in protte dwaan foar't dy ynspekteur ús in tsien jout!

Lang: Jaaaaaaaaaaaaa

Harrie: Ik bin bliid datsto my begrypst.

Lang: He?

Harrie: (*rint fuort rjochting karavan*) It liket wol as dat ik tsjin in muorre stean te praten. In grutte, lange Sjineeske muorre! (*de telefoon giet en Lang makket oanstalten om him op te nimmen*) Lang! Do wiest dochs net fan plan om dy telefoon op te nimmen hin? (*Harrie rint nei de baalje en nimt op. Lang stiet der noch hieltyd ûnwennich by en poetst mei har doekje wat knoffelich op' e karavan om*) Kamping de Wielewaal. Goemoarn. Ja, dêr prate jo mei! Ja, ik bin de eigner. Ja, dêr bin ik fan op' e hichte ja, en ik garandearje jo, dat as jo ynspekteur oankomt, der sels gjin lytse flater rapportearre wurde sil (*fielt ynienen dat der wat net doocht*) Wannear komt er dan? HJOED? Hoe bedoele jo hjoed? Elk momint hjir wêze?...Nee, dat wist ik net...brief? Nee, ik ha gjin brief krigen. Nee, echt net (*Lang heart dit en slacht harsels foar de holle as soe se wat fergetten wêze, se hellet in brief út' e bûse en komt der fleurich mei oansetten, Harrie grypt de brief lilck út har hannen wei*) It makket neat út hear. Wy ha ús saakjes sa goed op oarder dat der altyd ien ûnferwacht lâns komme mei (*Harrie pakt it blêd en slacht der mei op har holle*) Fansels. Mar, fansels. Fanselssprekkend hear. Tankewol, nee jo, tankewol. Jo! Ja, ha, ha, ha, dach! (*hy leit de telefoon del en sjocht lilck nei Lang*)

Harrie: Ofbliuwe! Telefoan! Ofbliuwe!

Lang: Docht laal!

Harrie: *(makket de brief iepen)* Ja, oan myn dochtlaal. Ast der mar ôfbliuwst, ja? *(de telefoan giet wer oer. Yn ien beweging wol Lang him opnimme en slacht Harrie mei in grutte klap op' e baalje. Lang skrikt har in ûngelok en de telefoan fljocht yn' e loft. Harrie fangt him krekt op' e tiid op)*

Harrie: Kamping de Wielewaal, goemoarn *(hy klapt de telefoan op de fingers fan Lang)* Nim my net kwea ôf, ik hie in wikselgesprek! Hallo? Hallo? Is dêr ien? Hallo? *(Harrie leit de telefoan del en sleept Lang mei nei de karavan)* Lies! *(tsjin Lang)* Kom daliks mei! Do hast seker wer gjin idee watst dien hast? *(hy pakt de arkbak en triuwt dy yn de hannen fan Lang)* Fêst hâlde! *(Lies komt út de doar wei)* Lies! Opsjitte! Wy ha net folle tiid mear.

Lies: Wat?

Harrie: Miss Saigon, hjir, wie de post fergetten. Hy kin hjir elk momint wêze.

Lies: Wa?

Harrie: Dy ynspekteur! *(Lies set fluch de folderkes yn it rek goed)* Sjit no toch op. Hast de keuken noch in goeie beurt jûn? *(makket yn de tuskentiid de doar fan de karavan)*

Lies: Ja.

Lang: Jaaaaaaaaaaaa.

Harrie: Nij fet yn de frituer?

Lies: Ja.

Lang: Jaaaaa.

Harrie: Friezer leech makke?

Lies: Ja.

Lang: Jaaaaaaaaaaaa.

Harrie: Under it fornús dweile?

Lies: Check!

Lang: Cheeeck!

Harrie: Lang! *(Lang skrikt en smyt de arkbak ticht op Harrie syn fingers. Se rint fuort efter it húske)*

Lies: *(rint nei Harrie)* Doch no es wat kalmer heit. It komt goed! Sykhelje djip, yn, út, yn, út. Okee, dan binne wy noch net helendal klear, mar de kamping sjocht der goed út. Ik snap net wêr' st dy sa drok om makkest, it is hjir toch altyd om troch in rinkje te heljen?

Harrie: Leave skat. Do stiest oan it begjin fan dyn libben, do bist krekt begûn mei in geweldige stúdzje, do silst fantastyske dingen dwaan. Mar ik? Dit is alles wat ik noch ha. Dat meie se my net ôfnimme.

Lies: Dat sil ek net gebeure.

Harrie: Witst wat ik fan' e moarn fûn? *(hy pakt de skelk)* Lei tusken alle troep yn' e berging. Jim mem koe net sûnder *(Lies rekket him leafdefol oan)* Dit is myn hele libben skat, mear ha ik net.

Lies: Ik wit it heit *(Lang komt oanrinnen mei de waskkoer)* Lang! No net de wask ophingje! Dat is toch gjin gesicht! Gean fuort, fuort!

Lies: Romje dy doazen mar even op, Lang. Doazen! Bring se mar fuort. Dêr hinne!

Harrie: Hast de keuken noch in beurt jûn?

Lies: Ja, heit.

Harrie: Nij fet yn de frituer?

Lies: Dat hast al frege *(Harrie pakt de mikrofoan fan de lûdsynstallaasje en begjint der troch te praten. Lang stiet flak by de speaker. Alle doazen fleane yn de loft de kûlizen yn)*

Harrie: Achte kampingasten. Yn it kader fan de ferplichte feilichheidsfoarskriften sil der moarnier in brânoefening wêze. Tankewol! *(leit de mikrofoan del)* Foar it gefal se de gasten ûnderfreegje!

Lies: *(wylst se trochpraat helpt se Lang mei steapeljen)* Ik snap noch hieltyd net wa't ús op de swarte list sette woe. It is hjir hartstikke skjîn en der gebeurt hjir neat wat it deiljocht net ferdrage kin.

Harrie: Ik wit it ek net leave, mar wy komme der wol achter...*(hy triuwt Lang krekt wat te wreed de kûlizen yn)* Wy moatte der alles oan dwaan om dy ynspekteur te oertsjûgjen dat der hjir gjin ferkeard wurd falt. Wy ha allinne mar kreaze, fatsoenlike gasten! *(út in tintsje wei hearre se Maya hiel lûd flokken)*

Maya: Godsamme noch ta! *(Maya krûpt út har tintsje wei)* Dizze rottinte stiet op in bulte stikels. Binne jo de eigner?

Harrie: *(bytsje ergere)* Ja. Mefrou Hak, wie it toch?

Maya: Hak, ja! Maya Hak! *(fielt in stikel, mar bliuwt yn' e tinte sitten)* Auw! Godskleare noch ta, gadferdamme!

Harrie: Mefrou, wy binne hjir in deeglike kamping en stelle dit soort taal net op priis!

Maya: Witst watsto kinst mei dyn taal?! Ik wol in oare tinte! Ik ha in grutte tinte hierd. De grutste dy't jo hienen seinen jo, en dat is net dit...dit stik seil!

Harrie: *(moat him ynhâlde)* Dit is de moaiste tinte en de grutste dy't wy op dit stuit yn de ferhier ha.

Maya: Ik ha hjir binnen in matraske en in kessen en de tinte is no al fol!

Harrie: Mear ha jo toch ek net noadich?

Maya: Jo tinke toch seker net dat ik kampear sûnder myn basic needs?

Harrie: Jo basic wat?

Maya: Myn basic needs *(se wiist yn de rjochting fan har boadskipweintsje mei fan alles der yn)* Hoe tinke jo oars dat in frou as ik der op myn leeftyd noch sa goed út sjen kin.

Harrie: Ik help jo wol even *(hy pakt it weintsje en begjint it leech te heljen. Der komt in protte guod út wat nochal oerdreaun is op in kamping. Bygelyks in fuottebad, in krulset, in stoombad, gesichtsmassaazje, in Senseo apparaat ensf..)*

Maya: En ik soe graach ien fan dy strânstuollen ha wêr't jo sa'n protte mei advertearje! *(Maya ritst har tinte ticht)*

Lies: Heit! Wat kinne wy noch mear dwaan?

Harrie: No, ik wit it net. Dy man kontrolearret alles op hygiêne, kwaliteit en feilichheid. Mar ek algemiene omgongsfoarmen.

Lies: Omgongsfoarmen?

Harrie: Ja, neffens dy kommisje gebeure der hjir ûnseedlike dingen. Belachelik! As ik dyselde dy't hjir mei begûn is, yn myn hannen krij dan..

Lies: No, dêr hoege wy ús dan toch gjin soargen oer te meitsjen? Der gebeurt hjir neat wat it deiljocht net ferdrage kin *(Maya kreunt as wie se yn ekstaze. Harrie en Lies rinne ferskrikt op' e tinte ôf)*

Harrie: Eh...mefrou?!! *(it kreunen giet troch)* Mefrou???! *(it kreunen giet troch)* Mefrou Hak! *(dan stekt Maya har holle út de tinte wei. Se hat in pot beannen yn' e hannen)*

Maya: Kinne jo dizze even foar my iepen meitsje?

Harrie: *(fielt him foar peal stean, nimt de pot mei beannen ûnnoazel oan)* Tuurlik *(draait de pot iepen)* Sjogge jo es...

Maya: Tankewol! En kinne jo my even myn stereo oanjaan? Hy stiet dêr.

Harrie: *(pakt de grutte radio)* hâlde jo it wol in bytsje rêstich? Dit is úteinlik in stiltekamping *(Maya reagearret minachtsjend en dûkt mei de radio de tinte wer yn)*

Lies: Heit! Dy tinte stiet no wol heel ticht by dizze.

Harrie: Ja?

Lies: No, dan stiet se aanst grif wer te kleien.

Harrie: Dan docht se dat mar! Leave, sjit op. Wy ha net folle tiid mear. Hoe let komt dy man eins?

Lies: Hy kin hjir elk momint wêze.

Harrie: *(wylst se it húske yn rinne)* Is de keuken klear? *(Norbert komt oanrinnen en 'liket' de kamping te ynspekterjen. Wylst er dit docht, komt Harrie nei bûten ta en besjocht de 'ynspekteur'. Harrie rint*

nijsgjirrich nei Norbert om te sjen wat er dêr docht. Dan draait Norbert him om. Harrie en Norbert skrikke)

Norbert: Middei, mei ik...

Harrie: Fansels! Fansels meie jo dat! *(hy nimt daliks al wat guod oer)* Wat jo mar wolle. De klant is kening! Ha ha ha *(hy nimt Norbert mei nei in taffeltsje fan it terras)* Geane jo es lekker sitten. Dat wie seker in flinke tippel. Toarst? Toarst? Jo ha seker wol toarst? Bierke *(herstelt himsels)* Nee, te betiid, fierstente betiid. Alkohol. Ha! Op dit oere! Ha ha ha...

Lies: *(probearret der tusken te kommen)* Heit!

Harrie: *(harket net nei har)* Fris. Lekker gleske fris. Wat sil it wêze? Of tee miskien? Tee? Kofje? Limonade? Wetter? Ijsko?

Lies: Heit!

Harrie: *(pakt syn tassen oan)* Hjir. Litte jo my mar even. It is belangryk dat jo goed útrêste. Dan kinne jo teminsten mei gemak om jo hinne sjen. Want dat is toch wat jo wolle? Seker? Om jo hinne sjen?

Norbert: Ja, seker, mar ik...

Harrie: Dat komt allegearre ynoarder. Jo hoege jo helendal net drok te meitsjen. Wy geane der foar, sil ik mar sizze. Ha ha ha *(hy jout Norbert krekt wat in te fûle klap op' e rêch. Norbert hoastet)* Kâld? Kâld? Jo binne kâld? Jas? Klomsk. Wolle jo in jas? Wy ha altyd in ekstra jas lizzen foar de klant dy't kâld is. Ha ha ha...sûkelademolke! glês sûkelademolke!

Norbert: Nee, tanke.

Harrie: Waarm. Waarme sûkelademolke! Hmmm! Hearlik. Lekker, om op te waarmjen.

Lies: Heit!

Harrie: Wat?

Lies: Hy is ûnderweis!

Harrie: Wa?

Lies: No, eh...de ynspekt...

Harrie: Ja! Goed, tankewol skat! *(wiist op Norbert)* He-len-dal prima *(wiist noch in kear op Norbert)* Dik yn-oarder...Fijn, fijn, fijn... Fruchtesop? Sopke?

Norbert: Sopke?

Harrie: Appel, jus, tomaat...wy ha alles. Alles! Do kinst it sa gek net betinke of wy ha it!

Norbert: Nee, tanke. Ik woe eins allinne mar...

Harrie: Ja fansels. Fansels. Fansels. Fansels. Wat jo wolle. Wat jó wolle. Fansels. Gean jo gong *(Norbert bliuwt ferstuivere stil. Hy wit net wat Harrie bedoelt)*

Harrie: Gean...gean jo gong. Wat foar gong jo dan ek ha moatte. Mar gean...Toe dan...toe dan..

Norbert: No, sjoch...ik..

Harrie: It makket neat út. Jo dogge ek allinne mar jo wurk toch? Wy witte it. Mar der is neat mis mei dizze kamping.

Norbert: Ik woe graach in tinte!

Harrie: (*even wat fan' e kaart*) In tinte? Ja! Fanselssprekkend. In tinte....Om...?

Norbert:yn te sliepen.

Harrie: Om yn te sliepen! Ja, wat moat je oars mei in tinte! No, ja, kinst fansels wol wat oars yn in tinte. Mar....net...net dat soks gebeurt! Ha, ha, yn ús tinte! Nee hear, noait! It idee...ha ha ha...Kofje?

Norbert: In tinte!

Harrie: Tinte! Fansels. Gjin kofje, mar in tinte!....Om yn te sliepen?

Norbert: Ja!

Harrie: Jo bliuwe?

Norbert: Bliuwe?

Harrie: Sliepen? Jo bliuwe sliepen?

Norbert: Dat liket my wol.

Harrie: Fansels! Sliepe! Fansels. Jo bliuwe sliepen. Wêrom net? Lekker sliepe. Yn in tinte. Us tinte! Op ús kamping! (*sjocht nei Lies*) Sliepe...de bêste tinte foar mynhear!

Lies: Mar, heit...

Harrie: Niks, gjin wurd mear. Mynhear krijt de moaiste tinte dy't wy ha. Wat is de moaiste tinte dy't wy ha?

Lies: No, eh...dy fan mefrou...

Harrie: (*realisearret him dat it de tinte fan Maya is*) Krekt! Goed! (tsjin Norbert) Mei ik jo fersykje?

Norbert: Wat?

Harrie: Myn dochter, hjir, Lies, dy sil jo wol even de keuken sjen litte.

Norbert: Ja, mar ik soe graach earst myn tinte even ynromje wolle.

Harrie: Wolnee, net noadich. Noch net, teminsten. Gean mar even nei de keuken. En sjoch foaral even nei it frituerfet!

Norbert: Frituerfet?!

Harrie: Ja, neat mis mei. He-len-dal neat mis mei!

Norbert: Ja, mar...

Harrie: Unsin. Gean mar lekker de keuken yn, dan hast dat alfêst hân. Lies, nimsto mynhear even mei nei de keuken? (*tsjin Norbert*) Geane jo mar mei har mei. Jo meie dwaan wat jo wolle (*herstelt himsels*) Ik bedoel, wat jo mar wolle, ik bedoel, jo meie...eh...no...ite

wat jo mar wolle... (*Lies giet mei in 'betize' Norbert it húske yn. Harrie rint yn de tuskentiid nei de tinte fan Maya as Lang opkomt*)

Harrie: Lang?

Lang: Jaaaaaa... ..

Harrie: Fuort!

Lang: Hm?

Harrie: Fuort! Fuort, do moast fuort! Fuort no! (*triuwt har rûch efter it húske*) Fuort! (*dan rint er nei de tinte fan Maya*) Hm! Mefrou? Hmm eh...mefrou? Klop klop klop. Binne jo dêr?

Maya: (*ferskynt yn de iepening fan de tinte*) No, noch mar krekt. Wat in rottinte is dit, sis!

Harrie: Dat tocht ik al. Dêrom is it miskien better dat jo even jo guod meinimme en nei in oare tinte ferhúzje!

Maya: Guod meinimme? Wat tinke jo wol, sis? Ik ha hjir krekt de boel ynstallearre! Ik prakkesearje der net oer.

Harrie: Jo hoege der helendal neat foar te dwaan.

Maya: Gjin hier op myn holle...

Harrie: It is sa klear. Jo sille der gjin spyt fan krije! (*Harrie begjint har guod by elkoar te sykjen*)

Maya: Ik bliuw sitten wêr't ik sit!

Harrie: Jo komme der út! En op slach!

Maya: Mynhear Vermeulen, jo manieren steane my helendal net oan! Mar ik wol dizze tinte opjaan op ien betingst. Dat jo my de karavan jouwe (*se rint nei de karavan en stapt der yn*)

Harrie: De karavan! Binne jo no helendal gek wurden? De karavan is al ferhierd! De karavan is fol. Kom der daliks út! (*Maya komt al pratend út de karavan wei. It publyk sjocht it net, mar dit is in dûbelgonger*) *Se rint, foaral mei de rêch rjochting seal werom nei har tinte en giet nei binnen. Se ritst har tinte ticht mar yn de tuskentiid is Harrie by dy tinte oankommen en ropt lilck dat se it sels dan ek mar witte moat. Der klinkt in roffel en in lûdseffekt en Maya (de echte, dy't omrûn is om yn har twadde tintsje te kommen) fljocht troch de iepening fan it twadde tintsje. Lies en Norbert komme nei bûten ta)*

Harrie: Sjoch ris. Helendal foar jo. Prachtich tintsje. De moaiste dy't wy ha. Gloednij. Mei ekstra luchtgatsjes en in super anty-migge systeem. As jo hjir...

Norbert: Ja, ja, ja it is al goed! Ik ha allinne noch ferlet fan stroom.

Harrie: Stroom?

Norbert: Ja, foar myn laptop! Ik wol al myn foto's daliks argivearje!

Harrie: Foto's! Ja, fansels! Ik sil daliks in ferlingsnoer helje. Dan ha jo 24 oeren stroom ta jo beskikking! Ha jo fierder noch winsken?

Norbert: Rêst!

Harrie: Rêst! Ja, fansels! Rêst, dat krije jo! Hearlike rêst. En jo sille nergens lêst fan ha. Jo sille lekker sliepe fannacht.

Norbert: No, ik sliep leaver lekker oerdei. Want ik doch myn wurk fansels foaral nachts.

Harrie: *(fynt dit wat frjemd)* Fansels! Ja, dat is logysk. Sa't jo wolle! Nachts. Fansels. *(sjocht frjemd nei Lies dy't ek gjin antwurd hat)*

Norbert: En as jo it my net kwea ôf nimme, dan soe ik no graach in knipperke dwaan!

Harrie: Knipperke! No!! Fansels! Gean jo gong! *(Norbert dûkt syn tintsje yn mar lit alle guod bûten stean)*

Lies: Heit...

Harrie: Lies. Helje it ferlingsnoer!

Lies: Heit, do hoechst dy net sa út te sloovjen hear. It is allegearre dik ynoarder.

Harrie: *(opjage)* Ferlingsnoer! Ha wy noch ien? Der hinget ien neist de...nee, yn de doaze mei krystlampkes. De krystfersiering, dêr sit in hele lange yn, dy kinne wy hjir wol hinne bringe.

Lies: Mar heit...

Harrie: Neat te marren, sjit no op. En nim in parasol mei.

Lies: Parasol?

Harrie: Foar dy apparatuer...hartstikke djoer *(Lang rint der lâns mei de waskkoer)* En sis tsjin dy yllegaal dat se fuort giet.

Lies: Lang is net yllegaal, heit.

Harrie: Dat kin wol wêze, mar it stiet toch raar.

Lies: Raar?

Harrie: Laal! *(Lang sil ôf)*

Norbert: *(stekt de holle bûten de tinte)* Eh...pardon...

Harrie: *(hellet Lang rûch ûnderút)* Mynhear?

Norbert: Kinne jo my oer in oerke wekker meitsje?

Harrie: Oerke? Tuurlik. Komt foar elkoar. Iten der by?

Norbert: Nee, tankewol *(hy lûkt de holle wer werom)*

Harrie: *(wylst er foarsichtich de tinte ticht ritst)* Komt foar de bakker hear. Oer in oerke meitsje wy jo wekker *(tsjin Lies, wylst Lang efter him lâns rint mei de waskkoer)* Ferlingsnoer. Lang!

Lang: Jaaa....

Harrie: Lang snoer....lang lang snoer....


Lang: Lang net snoel!

Harrie: *(syn geduld is in bytsje op)* Leave Lang. Soest it slim fine as ik dy freonlik mar driuwend fersykje dyn fantastyske Aziatyske figuer nei in oar plak op' e kamping te bewegen?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto